



Royal Netherlands Academy of Arts and Sciences (KNAW) KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

Alarmfaze Oranje: de hiele wrâld yn ûnstjoer

Hemminga, P.

published in

De Moanne: algemien-kultureel opinyblêd
2004

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

citation for published version (APA)

Hemminga, P. (2004). Alarmfaze Oranje: de hiele wrâld yn ûnstjoer. *De Moanne: algemien-kultureel opinyblêd*, 3(8), 8-10.

General rights

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

Take down policy

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

E-mail address:

pure@knaw.nl

Lit it slachtoffer net allinne

Alarmfaze oranje: de hiele wrâld yn ûnstjoer

PIET HEMMINGA

7



ED NIJPELS YN IT NIJE AMTSKOSTÚM. FOTO: HOGE NOORDEN

Johan Remkes is minister fan Binnenlânske Saken. Yn dat amt kundige er okkerdeis alarmfaze oranje ôf. My tinkt dat er dat wol wat earder dwaan kinnen hie. Reden genôch, soe 'k sizze. En tagelyk freegje ik my ôf oft sa'n alarmfaze by Remkes en syn kollega-minister Donner wol yn goede hannen is. Witte dy twa wol hoe't de kweade wrâld ynelkoar stekt? Kinne de beide mannen echte brieven wol fan spoekbrieven ûnderskiede? Wat moat men mei it sizzen fan de minister: 'De getroffen maatregelen tonen aan dat op dreigingen wordt gereageerd'. Moat it dan noch mâler wurde? Is it hjir soms ek al safier kommen dat sokke maatregels ek sûnder driging nommen wurde, of dat in driging sûnder maatregels net bestiet? Is in alarmfaze net altiten previntyf? It is langer net mear te begripen. De hiele wrâld yn ûnstjoer en elk liket der sa stadichoan oan mei te wurkjen.

COACH

Remkes, lid fan de VVD, stie lokkich net yn it rychje fan ministers en steatssekretarissen dat net sûnder in *personal coach* kin. Dat wie my ek raar ôffallen fan sa'n yn it politike sâlt bebitten Grinslanner. Syn kollega Zalm hat lykwols al sa'n coach, dêr't er, sa't tsjinwurdich yn de moade is, yn prinsipe, en lykas foarich jier, dit jier twaris fiif petearen mei hat. De ministers Van der Hoeven en Verdonk en de steatssekretarissen Nijs en Schulz van Haegen hienen earder ek in coach. Steatssekretaris Rutte hat noch hieltiten in coach, mar dy hat dat foar syn persoanlike ûntwikkeling en eigen rekken. Foar dat lêste kin men respekt opbringe, mar foar it oare wit men net wat men heart. De earen foelen my fan de holle, om in eardere minister te sitearjen. De coaching fan Annette Nijs hat de belestingbeteller allinne al sa'n fyftichtûzen euro koste en wat hat it oplevere? Wat smyt de coaching fan Gerrit Zalm op? Wêrom yn it iene gefal al en yn it oare gefal gjin resultaat? Dat sa'n coaching goed betelle wurde moat, dat seit himsels hjoed de dei. Merkwurking, dêr giet it op it lêst om. En dat VVD'ers dy't net út Grinslân komme en dus net tinke dat alles te djoer is, mar mooglik al miene dat alles te keap is, de earsten binne om fan sokke tsjinsten gebrûk te meitsjen kin ik my skoan yntinke. Mar dat dyselden soks net sels betelje, dat is dochs betiizjend. Dat se fierders net sjogge dat se neat mei dy coaches opsjitte en dêr de konsekwinse oan ferbine om der hurd mei op te hâlden, docht jin dochs ôffreegjen oft sok dwaan gjin diskwalifikaasje foar it amt fan minister of steatssekretaris betsjut. Wa binne dy coaches trouwens? En wêr binne de partners fan Nijs, Verdonk en Zalm yn dat stik fan saken? Jildt krekt foar harren alarmfaze oranje net?

YNTEGRAASJE

Lit my tichter by hûs bliuwe. 'Beleidsnotities gaan als boemerangs door Provinsjehûs', sa koppe de Ljouwerter koartlyn. Provinsjale Steaten geane net langer op foarhân akkoart mei de stikken dêr't hja oer kedize moatte, sa wurdt dúdlik. Dat sil grif mei it nije dualisme te krijen hawwe. Tagelyk is de boemerangwurking lykwols net los te sjen fan de kwaliteit fan dy stikken. Sa stjoerde de Steatekommisje Boarger en Mienskip, in namme as in program, de startnotysje Kultuernota 2005-2008 oan de ôfstjoerder werom. Dat is gjin wûnder as men yn dat stik sinnen lêst lykas: 'Regisseur is de Provinsje as it giet om in paadsljochtsjende en koördinearjende rol by it befoarderjen fan de yntegraasje fan ûntwikkelings yn 'e kultuer, mar ek oangeande de yntegraasje fan kultuer mei oare beliedsmêden.' De betinker fan sok abakadabra skriuwt trije sinnen fierder ek noch: 'As bewekker fan kwaliteit hâlde wy troch mearjierrige budzjetferienkomsten mei kulturele ynstellings de ynfrastuktuer yn stân, om de ferskate kulturele aktiviteiten yn 'e stêd en op it plattelân te stypjen en fuort te sterkjen.' Wât sa'n sin op papier set, kin in oar dochs net op kwaliteit fergje? Wat is kwaliteit feitlik noch, as men lêst: 'Lykwols kinne maatskiplike tendinzen wol ta de yntegraasje fan kultuer en oare beliedsmêden, en dan benammen mei it beliedsmêd ekonomy, rekreaasje en toerisme, liede.' Dat al dy yntegraasje ta alarmfaze oranje yn de steatekommisje laat, levert dochs noch in lyts ljochtpuntsje op yn it bestean fan boarger en mienskip.

TINKWRÂLD

Neffens it oanbiedingsbrief by de startnotysje foar dyselde kultuernota giet it om in 'earste oanset foar fisyfoarming troch Provinsjale Steaten oer it kultuerbelied foar de kommende jierren, rekken hâldend mei de tinkwrâld fan ramtstelling en it foech yn dat ferbân fan Provinsjale Steaten.' Men leaut jins eigen eagen net: 'de tinkwrâld fan ramtstelling'! Is der in boarger mei beide fuotten yn de mienskip dy't my fertelle kin hoe't dat sit? Bestiet der mooglik literatuer oer dy tinkwrâld? Hoefier stiet de skriuwer fan sa'n brief, en elk dy't meiferantwurdlik is foar sok skriuwen, net fan boarger en mienskip ôf? En dan giet it noch mar om in earste oanset ta fisyfoarming. Wat kin en mei men noch fierder ferwachtsje? In steatelid fûn, sa lies ik, it stik 'hiel dreech om trochhinne te kommen'. Hja neamde it 'warrich en net dúdlik'. No, dat liket my noch freonlik sein. En dat nimmen oer de histoaryske ûnkrektens falt fan it sizzen dat it algemiene kultuerbelied fan de provinsje Fryslân sûnt 2001 yn in kultuernota foarmjûn wurdt, is heechstens in oanwizing foar de kwaliteit fan it yndividuele en kollektive ûnthâld dêr op it Provinsjehûs. Och, wat wie de wrâld noch in stik minder betiizjend, doe't Jan van der Kleij de Hollânskrallige kultuer provinsjaal noch berêde en Jurjen Ypma datselde foar de Fryske kultueruterings die. Hja sieten alle dagen foar elkoar oer en paadsljochten en koördinearren dat it sta sei. Startnotysjes bestienen yn dy dagen net. Hoewol, earlik is earlik, it skriuwen fan in kultuernota wie doe, moai wat earder as 2001, op it Provinsjehûs ek al in dreech kerwei. Wat dat oangiet past de hjoeddeiske provinsjale betizing goed yn in sa stadichoan al moai lange tradysje.

ALDEREIN

Lit my in oar foarbyld út dyselde steatekommisje by kop en kont krije. It konsept sosjaal beliedsramt levere yn de kommissjegearkomste fan in ynsprekkende direkt-belanghawwende in blykber geunstich oardiel op. Neffens it ferslach sei de man: 'Wy fine dat der no in beliedskader leit wêrfan wy tinke dat it goed is dat de steaten dy oannimme. Sadat der wurke wurde kin oan in nije opset yn Fryslân om te sjen hoe't we op in tal fan saken, op gegevens út de samenleving, in sosjale aginda meitsje kinne. En op basis fan dy sosjale aginda ek in oantal útstellen dwaan kinne, wêr't de provinsje sjen kin - yn gearwurking mei gemeenten, mar ek mei in oantal organisaasjes - hoe't in oantal saken wurkje kin.' Immen dy't soks seit, is alarmfaze oranje grif al in moai ein foarby. Ik soe werklik net witte wêr't it om en oer giet, mar ik soe al dit freegje wolle: 'No pas?'

De deputearre hat it der neffens itselde ferslach ek mar dreech mei: 'Ik weet niet eerder waar ik me op moet focussen, dan wanneer ik weet wat het kader is. Communicatie is een heel groot punt, maar ik moet wel weten waarover ik mag communiceren. Op dat punt zijn we nu langzaam maar zeker aanbeland.' En hy hat it fierder oer de rol fan de lytse stipefunksjes: 'sommigen noemen het uitvoeringsorganisaties of categorale instellingen, maar als je kijkt naar de voorlopige speerpunten, dan kunnen sommige van die instellingen daar toch hun weerklink in vinden.'



H.P. LINTHORST-HOMAN, EARTIDS KOMMISSARIS FAN DE KENIGINNE. UT: J.J. SPAHR VAN DER HOEK EN K. DE VRIES (RED.), FRIESLAND 1945-1970 (LJOUWERT 1970).

Als je het hebt over ouderenbeleid, dan is er wel ruimte voor ouderenbeleid. En als je het hebt over vrijwilligerswerk, dan zit er toch wel veel volume in, in de zin dat er vaak duizenden vrijwilligers bij betrokken zijn. Daar zou je met elkaar wat voor kunnen betekenen.' Betiizjend, sa'n tinkwrâld, sa komt it my oer.

FJOCHTERSMAŠINE

Genôch oer provinsjale start- en oare notysjes. Lit my ris sjen nei *celebrity in politics* Roland Kortenhorst, warber Jouster CDA-keamerlid. It wol my suver net oan dat dy it Provinsjehûs fuortendaliks ferbettert as it om it skriuwen fan nota's giet.

Roland is fan betinken, sa lit er op de ynternetside fan it CDA witte: 'de Nederlandse industrie moet veel meer in de harten van politici en beleidsmakers komen. We beseffen véél te weinig hoe miljoenen vákmensen werk hebben doordat hun hoogtechnologische producten scóren op de wereldmarkt! Als we zien dat onze maakindustrie bij regelmaat internationaal (en zelfs binnen de EU) buitenspel wordt gezet door buitenlands overheidshandelen, hoort ons Ministerie van EZ zich acuut op te stellen als een vechtmachine voor het Nederlands bedrijfsleven.' Ja, it stiet der echt. Roland is sels ek sa'n fákman en fjochtersmasine. Skipswerf Bijlsma hie der wol mear fan

fernimme wollen, mar goed, Kortenhorst is no folksfertsjinwurdiger. Sa wie er ein augustus oan it wurd by de betinking fan de Indië-ferenaten yn it Ljouwerter Rengerspark. Alde fjochtersmasinen dêr't it net altiten like goed mei ôfrûn is. In wike letter ûntfong it ambisjeuze keamerlid Grinslanner ûndernimmers. No, dy sille har ûnderfinings ek wol hawwe as it om it hert fan politisy en beliedsmakkers giet. In dei letter wie Roland al wer op it oarlochspaad. Hy melde him al om healwei seizen by it ûndernimmersgala fan VNO-Noord. Blykber dochs noch even tiid foar in lyts feestje. Mar oan de ein fan de moanne wie it wer alarmfaze oranje foar Roland. Earst spruts de gâns ûnthjittende Jouter op it ûndernimmerssymposium yn Alblasterdam. Mooglik in opstap foar Davos? En in dei letter wachte him yn Breda it bywenjen fan de iepen dei fan de KMA. Ik reitsje suver yn de tiis fan sa'n skoarend fjochtersbaaske.

DANTUMADIEL

De gemeente Dantumadiel soarget, sa soe men tinke, net fuortendaliks foar in soad ûnstjoer. Hoewol, yn de tiid fan boargemaster Eabele wienen de riedsgearkomsten dêr foarbylden fan in dualistyske oanpak avant la lettre. En no hellet Dantumadiel de krante mei in eigen útlis fan alarmfaze oranje. In lyts berjochtsje lit witte: 'Posters te blote vrouwen taboe in Dantumadeel.' Dy kop is noch hiel wat oars as it ferfolch, dat dúdlik makket dat de plysje-oardering sa oanpast wurdt dat it tenei ferbean is om pornografyske, godslesterjende ôfbyldings of teksten yn Dantumadiel op te hingjen. Anno 2004. Yn al dy jierren dat ik Dantumadiel ken, bin ik dêr by myn witten nea sa'n affysje tsjinkommen, mar wat net is, kin fansels komme. It oanbod skept de fraach, dat wa wit en kin men meikoarten in pornografyske, godslesterjende ôfbylding foar de Driezumer ruten hingjen sjen. Op dy wize bringt de gemeente mei syn geregeld boel mar moai yn ûnstjoer. Ik nim oan dat de prinsipiële foarstanners fan it nije kêst ek ree wêze sille om yn foarkommende gefallen, en neffens de bêste Dantumadielster tradysjes, alle juridyske wapens út de kast te heljen om ien en oar, as fjochtersmasine earste klas, ta de heechste ynstânsje út te fjochtsjen. Ik soe net witte hoe't affysje of tekst der útsjen moatte om de gemeente Dantumadiel winne te litten, mar wierskynlik hawwe se dêr yn Dantumadiel wol konkrete ideeën oer. De grutste saakkundigen binne grif by de ChristenUnie en SGP te finen. De PvdA stimde trouwens ek foar it oanpassen fan de plysje-oardering. Myn hope is festige op de krekt yn Dantumadiel beneamde Arie Aalberts. Dy is grif wol wizer, mar oars is Gerard Spong mooglik in opsje as gemeentlik pleiter. En om't Dantumadiel, oars as buorgemeente Kollumerlân, gjin rubryk 'Leuke gebeurtenissen' op syn ynternetside hat, wol dy gemeente ús mooglik wol op de hichte hâlde fan de fierdere gong fan saken djip yn dûnker Dantumadiel.

AMTSKOSTÚM

Kommissaris Ed Nijpels hat him in amtskostúm oanmjitte litten. Syn foargonger Linthorst Homan droech noch by in inkelde offisjele oangelegenheid syn amtskostúm, mar dat wie noch mar

koart nei't ek ministers, keamer- en sels steateleden in amtskostúm hienen en by gelegenheid droegen. Dy tiid is lykwols foarby. In amtskostúm is tsjintwurdich ommers suver it anty-symboal fan breanedige dynamyk en fernijing. Wy libje no op it lêst yn in tiid fan alarmfazen en rampeplannen. In degen mei fergulde montuer en swarte skie rikt hjoed de dei net fier genôch. Nimmen skrikt noch fan ikels fan lamee en frisee, appelsjes fan blinkende kantylje en doffe kelkjes mei blinkende puntsjes. En as der dan dochs noch in amtsdrager is dy't dyâlde klaaiing earst neimeitsje lit en dan ek noch oandocht, dan heart dat al gau thús yn de kategory fan allegoaryske optochten, braderyen en flaielfeesten. Dat de kommissaris it kostúm en al syn eareblik presintearre op de Jouter boerebrulloft makket de folkloristyske status fan ien en oar fuortendaliks moai dúdlik. Frjemd dat it Fries Museum sa'n neimakke en degradearre pak útstalle sil. Mar dêr giet it my net om, likemin as dat ik it oer it teater yn de polityk hawwe wol. Nee, wat ik betiizjend fyn is dat it amtskostúm yn in stichting ûnderbrocht is. Trije man yn it bestjoer. Makelder Folkert Popma as foarsitter. Fan sa'n stichting en bestjoer falt in soad te sizzen, mar wat my foaral ôf- en opfalt is dat de kommissaris sa'n pak blykber net sels beoarderje kin. Dat ropt ek de fraach op wat yn de takomst yn dizzen noch fierder ferwachte wurde mei. Hie dat pak trouwens, mei sjoen de nedige efficiency, net yn de stichting 'Instandhouding van de begraafplaats en klokkenstoel te Dijken' ûnderbrocht wurde kinnen?

KLADDERADATSCH

Kommissaris Nijpels skriuwt yn syn lêste jierferslach: 'De ontwikkeling van crisismanagement in Fryslân liep in het begin van 2003 stroever dan ik hoopte.' Soks jout op 'e nij betizing. Komt it wol goed? Wat en wa hat Nijpels winliken op it each? Ik begryp dat it ûnder mear te krijen hat mei ferskillende takomstfisy by de regionale helpferlieningstsjinsten. Dat is dochs ferskriklik. Dat se dêr de tiid noch foar hawwe. Is Fryslân de alarmfazen fan Remkes wol treast en wurdich? En wat as it net langer om allinne alarm giet? Wat as de echte jihadêre kladderadatsch plak fynt? Wat dogge mannen as Donner, Nijpels en Remkes yn dat gefal? En bringt Folkert Popma it amtskostúm dan hurd fan Ljouwert nei Diken ta? 'Man, trek aan, 't is zover!' Of makket dat de betizing noch grutter? Helpt de tinkwrâld fan ramtstelling dan noch, of moat Roland Kortenhorst útkomst bringe? Mooglik hat dy dan krekt in petear mei in *personal coach*. Men wit it langer net. Wa kin help jaan? Doch Remkes? Yn in nije publykskampanje fan syn ministearje jout Remkes elk de rie om omstanners te mobilisearjen. No, dat wol ik wol dwaan. En fierders seit er, skilje 112. Dat liket my in minder goed idee as syn advys om de skaaimerken fan de dieder te ûnthâlden en it slachtoffer net allinne te litten. Sjoch, dat dieder en slachtoffer yn de teksten fan it ministearje noch yn inkelfâld binne, meitsje skrik en betizing dochs moai wat lytser. Alarmfaze oranje: men kin en wol net mear sûnder.